

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2006**

060207sth

Ynlieding

It ôfrûne ferslachjier hawwe wy wer hiel wat by de ein hân. Dat wie net altiten like maklik, benammen net omdat wy Rindert Straatsma hommels misse moasten. Syn ferstjerren op 26 jannewaris 2006 wie in grutte klap foar ús bestjoer. Rindert is yn it harnas stoarn.

Ek al gong it sykheljen op it lêst och sa swier, as Rindert koe, wied er derby. Sa'n strider foar it Frysk, dy't neffens ús syn wjergera net hie, en jierrenlang ek yn ús bestjoer sitten hat as ponghâlder, is net goed te ferfangen. Wy moatte tenei syn grutte warberens, kennisse en ynsjoch en grut fermogen ta folhâlden misse. Syn betsjutting foar Fryslân en it Frysk, benammen foar it Frysk yn it ûnderwiis, kin neffens ús net heech genôch oanslein wurde.

Oan it lêst ta hat er foar ús konsepten foar brieven makke, artikels skreaun of reagearre op wat yn kranten of tydskriften oer it Frysk yn it ûnderwiis stie. It foarige jierferslach tsjûge noch fan syn grut skriuwerfermogen, dit ferslachjier hat foar Rindert amper in moanne duorje mocht en moast er foargoed de pinne dellizze. Sytze T. Hiemstra, ús skriuwer, hat as freon op de kremaasje op 31 jannewaris it wurd fierd en Tom Dykstra, ús foarsitter, hat Rindert betocht op ús jiergearkomste (1 febrewaris 2006). Rindert syn plak is oan de ein fan it ferslachjier noch altiten leech yn it bestjoer. It falt net ta in gaadlike opfolger te finen.

In grut part fan wat wy by de hân hawwe, falt oan te klikken op ús webstek (www.fryskebeweging.nl → Feriening Frysk Underwiis (FFU)). Dy is noch altiten yn ûntwikkeling en wurdt geregeld rieplachte troch minsken dy't byhâlde wolle wat der op it ûnderwiismêd en it Frysk bart. Oan de ein fan it jier is der in nije rubryk oan tafoege *Sjerp & Jittik*. Dêr kinne bestjoersleden har eigen kollum kwyt. De rubryk draacht dus in persoanlik karakter. Sytze Tsj. Hiemstra sr. sammelet en bewurket as 'kontentmanager' de relevante ynformaasje foar de ferskillende rubriken en Sytze Jeh. Hiemstra jr. soarget as 'webmaster' derfoar dat dy flot op it net komme.

Wy hawwe dit jierferslach så yndield: **A. Bestjoer**; **B. Jiergearkomste**; **C. Kontakten** (1. mei de provinsje; 2. organisaasjes en persoanen; 3. stúdzjedagen/konfersinjes/sympoasia); **4. Brieven en oare stikken** (útgien en ynkommen); **E. Publisiteit** (*Swingel, Leeuwarder Courant, Friesch Dagblad, ús webstek*); **F. Argyf** en **G. Weromsjen en foarútsjoch**.

A. Bestjoer

Nei it ferstjerren fan Rindert Straatsma hat Ed Knotter syn taak as skathâlder mei ynstimming fan de leden op de jiergearkomste (01-02-2006) oernommen en bestiet it bestjoer oan de ein fan 2005 út: Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (fise-foarsitter en skriuwer), Ed Knotter (ponghâlder; twadde notulist gearkomsteferslaggen), Th. van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy. Der is ien fakatuere.

Yn 2006 kaam it bestjoer alve kear gear op 11 jan. (lêste kear fan Rindert), 1 maart, 22 maart, 19 april, 1 juny, 21 juny, 24 aug., 21 sept. (yn Gau by Gerbrandy), 19 okt., 17 nov. en 24 des., útsein 21 sept. allegearre yn Ljouwert (by Straatsma). Nei it ferstjerren fan Rindert hat Klaske Straatsma oanbean om it gearkomsteplak by har thús oan te hâlden en dêr is yn it ferslachjier tankber gebrûk fan makke.

De taakferdieling is dus wat it skathâlderskip oangiet, feroare. Wy binne op 'e siik nei fersterking fan it bestjoer mei ien of twa striidbere, aktive minsken mei leafst juridyske belangstelling foar en/of kennis fan de wet- en regeljouwing op it mêd fan ûnderwiis yn relaasje ta de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Dykstra en Hiemstra (yn it plak kommen foar Van der Veen) fertsjintwurdigje de FFU yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dykstra sit foar de FFU yn it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Frysksinnige organisaasjes om inoar te fersterkjen en om ta gearwurking te kommen; Hiemstra is syn ferfanger (twadde man) en sit ek yn de provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk*. Gerbrandy fertsjintwurdiget ús yn de Nederlânske ôfdieling fan it EBLUL (*European Bureau for Lesser Used Languages, de Nederlânske Kommisje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen*) (EBLT); Hiemstra is syn ferfanger by ôfwêzigens.

B. Jiergearkomste

Op 1 febrewaris 2006 organisearre de *FFU* mei it *Pedagogysk Wurkferbân* en de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) in mienskiplike jiergearkomste, mei dêroan foarôfgeand de húshâldlike gearkomste (18.45- 19.55 oere), yn it sealesintrum 'It Aljemint' fan de Fryske Akademy te Ljouwert. It tema fan it mienskiplike part (20.00 – 22.00 oere) wie 'In Fryske Kanon'. Trije sprekkers hawwe dêr in bydrage oan levere: dr. H.M. Beliën fan de lanlike rykskommisje *Ontwikkeling Nederlandse Canon* (dy't ûnder foarsitterskip stiet fan prof. dr. F. van Oostrom), dr. B. Gezelle Meerburg (VLLT, seksje Frysk, saakkundige op it mêd fan de Fryske literatuer) en drs. K. Huisman, histoarikus). De húshâldlike gearkomste is besocht troch 12 FFU-leden en de mienskiplike troch sa'n 35 lju, almeast lid fan ien of mear fan de trije organisearjende organisaasjes. Dr. Beliën makke dúdlik, en meelt ús dat letter ek, dat de lanlike kommisje *gjin* Fryske kanon gearstalle sil, mar 'opening [zal] bieden om er regionale canons aan te verbinden'.

Benammen dat earste feit hat ús derta brocht om ús yn de mande mei de *seksje Frysk* fan de VLLT, de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy skriftlik en mûnling ta de Provinsje Fryslân (Deputearre en Provinsjale Steaten) te rjochtsjen (sjoch bgl. it brief fan 3 juny 2006, op ús stek te finen ûnder [Aktiviteiten & Brieven](#) → [Brieven 2006](#)).

It ferslach fan de húshâldlike gearkomste (2006) is ek te finen op ús webstek: www.fryskebeweging.nl → [Feriening Frysk Underwiis](#) → [Ferslaggen](#) → [Ferslaggen bestjoersgearkomsten](#). Datselde jildt foar dit *Nijsbrief/jierferslach 2006* (→ [FFU-Jierferslach 2006.pdf](#)).

De kaskommisje, W. Grit (earste kear) hat mei S.T. Hiemstra (yn it plak fan Brolsma) hat de kas, dêr't Straatsma as ponghâlder yn it ferslachjier noch ferantwurdlik foar wie, neisjoen en hat dy yn oarder befûn. De nije kaskommisje sil bestean út W. Grit (twadde kear) en D. Willemsma (earste kear).

C. Kontakten

**Oan te klikken op ús webstek*

1. Provinsje

- 12 jan.: oerlis (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra) mei de leden Cees Vos en Geart Benedictus fan de *CDA-Steatefraksje*; Provinsjehûs.
- 18 jan.: provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk* foar de ûntwikkeling fan Frysktalige testynstruminten (Hiemstra); Provinsjehûs.
- 1 febr.: oerlis (Dykstra, Hiemstra) mei de provinsjale beliedsamtners (Frysk) Theo Willemsen en Tsjerk Bottema; Provinsjehûs.
- 6 april: oerlis (Dykstra, Hiemstra) mei de provinsjale beliedsamtners (Frysk) Th. Willemsen en Tsj. Bottema; Provinsjehûs.
- 14 juny: provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk* foar de ûntwikkeling fan Frysktalige testynstruminten (Hiemstra); Provinsjehûs.
- 26 juny: oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU]; Jaap van der Bij, Renze Valk [RfdFB], Pier Bergsma [Ped. Wurkferbân] mei de provinsjale beliedsamtners (Frysk) Th. Willemsen en Tsj. Bottema; Provinsjehûs.
- 12 july: twadde oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU]; R. Falkena [St. Slach by Warns] mei Alex Riemersma (Konsultatyf Orgaan) oer *taalwetten*; Provinsjehûs. De earste gearkomste oer taalwetten mei Riemersma wie op de DB-gearkomste fan 21 juny.
- 29 aug.: oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU] en Valk [RfdFB]) mei A. Riemersma (Konsultatyf Orgaan) oer taalwetten (tredde en lêste gearkomste dêroer); Provinsjehûs.
- 20 sept.: oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU], R. Valk [RfdFB] en P. Bergsma [Ped. Wurkferbân] mei de provinsjale beliedsamtners (Frysk) Th. Willemsen en Tsj. Bottema; Provinsjehûs.
- 16 okt.: oerlis *FFU* (Dykstra, Hiemstra) mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk) oangeande de provinsjale konseptsnoata 'Boppeslach'; Ljouwert.
- 18 okt.: ynspraak fan de *FFU** (Dykstra) by de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* mei punten fan wurdearring foar en kryk op de provinsjale ûntwerpûnderwiisnoata 'Boppeslach' [sjoch ús webstek: [Brieven 2006](#), útgien]; Provinsjehûs.
- 1 nov.: oerlis *FFU* (Dykstra, Hiemstra) mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk) oer ús ynbring (winken) by it *Konsultatyf Orgaan*; Ljouwert.
- 2 nov.: harksitting *Konsultatyf Orgaan** (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra) [sjoch ús webstek: [Brieven 2006](#), útgien]. Dykstra hat, mei út namme fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, útstellen dien foar en kryk levere op it neikommen fan

in stikmannich fan de 48 ferdrachferplichtings fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* (ek guon op it mêd fan it ûnderwiis; kêst 8 Hânfêst) dy't Nederlân ûndertekene en ratifisearre hat; Provinsjehûs.

Ienris yn de twa jier bringt it *Konsultatyf Orgaan* (ynsteld yn 1998) oan de ryksoerheid (de minister fan Ynlânske saken en Keninkryksralaasjes) in *Memorandum* út mei dêryn de winsken en it ferlet fan de befolking fan Fryslân op it stik fan de Fryske taal en kultuer. De FFU hat útstellen foar 26 belieds- en oare maatregels oerlange; Provinsjehûs.

- 7 nov.: ynspraakbydrage FFU (Knotter) ta it provinsjale debat 'Fryske Fiersichten 2030' *; Drachten [sjoch by 'Brieven 2006, útgien'].

- 8 nov.: provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk* foar de ûntwikkeling fan Frysktalige testynstruminten (Hiemstra); Provinsjehûs.

- 14 des.: oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU], R. Valk, van der Bij [RfdFB], P. Bergsma [Ped. Werkferbân], Sjoerd Groenhof, Willem Wouda ['Holdernêst, De Harkema] mei de provinsjale beliedsamtners (Frysk) Th. Willemsen en Tsj. Bottema, Provinsjehûs.

2. Organisaasjes en persoanen

- 6 jan.: *Ried fan de Fryske Beweging* (mei de *Fryske Rie* en *Eftrije*), Nijjiersûpke, útrikking 'Fear'; Nijlân (Dykstra, Hiemstra).

- 14 jan.: gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging* oer de *takomst* fan de Ried (organisaasjemodel); Ljouwert (Keetwâltsje) (Dykstra, Hiemstra).

- 17 jan., 17 maaie en 21 sept.: gearkomsten *Nederlânske Kommisje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT) (Gerbrandy; ien gearkomste besocht; ferslaggen beskikber).

- 31 jan.: kremaasje Rindert Straatsma; Ljouwert (Hiemstra; Dykstra, Knotter, Gerbrandy, Van der Veen).

- 11 maart, gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert (Dykstra, Hiemstra).

- 28 maart: oerlis FFU (Hiemstra, Knotter) mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk) en Pier Bergsma oer de *taaloerdracht* (Frysk) yn de húshâldings (taalkwantiteit, 'Deltaplan Frysk'); Noardburgum (KBS Immanuel).

- 10 april: oerlis FFU (Hiemstra, Knotter) mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk) oer it provinsjale belied oangeande it oerdragen fan geef Frysk (ynstitút foar taalkwaliteit); Twellegea.

- 11 april: oerlis FFU (Hiemstra, Knotter) mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk) en P. Bergsma; Noardburgum (KBS Immanuël).

- 20 april: jiergearkomste *Ried fan de Fryske Beweging* oer it karbrief en it húshâldlik reglemint; Ljouwert (Dykstra, Hiemstra).

- 3 july: gearkomste Ried fan de Fryske Beweging, û.o. oer de redaksje fan it karbrief en húshâldlik reglemint, Ljouwert (Dykstra).

- 5 sept.: gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging*; û.o. oer de redaksje fan it karbrief en it húshâldlik reglemint; Ljouwert (Dykstra).

- 19 sept.: oerlis mei de *Stifting Slach by Warns* (Roel Falkena) oer FFU-bydrage (Hiemstra, Gerbrandy) oer taalwetjouwing op 23 sept. yn Warns; It Hearrenfean.

- 23 sept: ynlieding Hiemstra oer 'Taalwet of net' yn it moarnsprogramma fan de *St. Slach by Warns*; Warns (Dykstra, Hiemstra, Knotter, Gerbrandy).

- 16 okt.: oerlis (Dykstra, Hiemstra) mei *Ried fan de Fryske Beweging* (Van der Bij, Valk), tarieding op ynspraak 'Boppeslach' (Steatekommisje Boarger & Mienskip, 18-10-2006) en de ynbring by it *Konsultatyf Orgaan* (02-11-2006); Ljouwert.

- 27 okt.: diskusjejûn *Ried fan de Fryske Beweging* mei takomstige Twadde Keamerleden (foarum: Atsma, Jacobi, Kuperus en Diks, en as mem fan Frysktalige bern: Sytske de Boer) yn 'De Bres' oer it lanlik belied oangeande it Frysk; Ljouwert (Hiemstra, Gerbrandy).

- 7 nov.: gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging* oer it fêststellen fan it karbrief en it húshâldlik reglemint, en in Deltaplan foar it Frysk, noch te ûntwikkeljen yn in alternative noata 'Better sichtber, mear fertroud'; Ljouwert (Dykstra, Hiemstra).

- 17 nov.: Kneppelfreed-debat oer de taalnoata 'Frysk yn Fryslân; better sichtber, mear fertroud' oer de needsaak fan in taalwet, oer 'reversing language shift' en oer it Frysk yn it ûnderwiis yn *De Bres/EFTRIJE* (Dykstra). Yn it foarum ûnder lieding fan L. Westra fan Lollum sieten fertsjintwurdigers fan hast alle politike partijen yn de Fryske Steaten. It foel op dat de measte Steateleden harren ferskûlen efter de provinsjale noata 'Boppeslach' en benaud wine om de status quo fan it Frysk yn it ûnderwiis oan te pakken: Neffens Ferwerda (CU) moast it Frysk net ferplichte oplein wurde, mar 'fun' wêze.

- 19 des.: oerlis (Dykstra, Hiemstra [FFU]; Van der Bij en Valk [RfdFB]) mei de Fryske Akademy (R. Salverda) oer ûndersyk (û.o. de Fryske kanon), de kwantiteit (taaloerdracht) en kwaliteit (neilibjen fan taalregels; taaleigen) fan it

Frysk en in Fryske universiteit). Der is besletten ta in foarm fan oparbeidzjen te kommen y.f.m. mei in snaemd oanfalsplan Frysk.

3. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 8 juny: stúdzjemiddel *VLLT*, seksje Frysk op 'Bogerman' (Snits), oer de nije metoade *Freemwurk* (ûnderbou), de *elektroanyske learomjouwing [elo]* (boppebou), it 'europeestaalportfolio' en 'It's Learning'; Snits (Hiemstra, Knotter)

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: →) en foar (ynkommen: ←) de FFU

*Mei * (stjerke): oan te klikken op ús webstek*

Utgien:

***02-01-2006 → Twadde Keamerleden: Pleit foar lykwaardige, spegele keardoelen yn it basis-, fuortset en spesjaal ûnderwiis**

Brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* oan alle leden fan de Twadde Keamer oer de (tryste) histoarje fan de ûntwikkeling (oantaasting, ferleging) fan de keardoelen Frysk yn it basisûnderwiis en it troch OCW loslitten fan de spiegeling fan dy doelen oan dy fan it Hollânsk.

Wy jouwe dêr ús kommentaar op yn 6 punten en freegje oan de Twadde Keamer om by de behanneling fan dat ûnderwerp (begjin 2006) oan te stean op oan it Nederlânsk lykwaardige en spegele keardoelen Frysk foar it basis-, fuortset- en spesjaal ûnderwiis.

***05-01-2006 → Twadde Keamerleden: Pleit foar in ferplichting fan it Frysk as eksamenfak yn it hafû en it twû**

Brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* oan alle leden fan de Twadde Keamer oer it ôfskaffen fan de dielfakken yn de Twadde Faze fan it hafû ('havo') en twû ('vwo') en de skealike gefolgen dy't soks hat foar it Frysk as eksamenfak.

Wy pleitsje foar in strukturele ryksbekostiging fan it *telelearen* (ynformaasje dêroer sit yn de bylage) foar de koarte termyn. Foar de langere termyn steane wy oan op it ferplichtsjen fan it fak 'Fryske taal en kultuer' as eksamenfak foar alle learlingen dy't Frysk yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis hân hawwe.

***05-02-2006 → Christeljike Hogeschool Noord-Nederland (CHN): De oplieding learaar basisûnderwiis en it Frysk**

Us brief oan de pabû-direksje fan de *CHN* oer:

1. it taalbelied fan de CHN om yn gearkomsten taalkonflikten en taalûnderdrukking foar te kommen;
2. it ferplichtsjen fan it Frysk foar studinten fan bûten Fryslân;
3. it winsklike programma.

It programma soe neffens de *FFU* basearre wêze moatte op *lykwaardigens* en *lykberjochting* en in yntegraal twatalich (Frysk/Hollânsk) karakter drage moatte mei dêroan taheakke eleminten fan de trijetalige skoalle op it stik fan it Ingelsk.

***05-04-2006 → Twadde Keamerleden: Pleit foar in ferplichting fan it Frysk as fak en as ynstruksjetaal yn it regulier en it spesjaal ûnderwiis**

Brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* oan alle leden fan de Twadde Keamer oer it Frysk as ferplichte fak en as ynstruksjetaal yn it reguliere en spesjale ûnderwiis.

Wy freegje de Twadde Keamer om it inisjatyf te nimmen op it mêd fan de wet- en regeljouwing foar it ûnderwiis yn de provinsje Fryslân op it stik fan:

1. it opnimmen yn de wetten op it regulier en spesjaal primêr en fuortset ûnderwiis (WPO, VWO [hiele ûnderbou] en de WEC) dat in 'aanmerkelijk deel van het onderwijs in de Friese taal' (Frysk as fier- en ynstruksjetaal) jûn wurdt by oare fakken/leargebieten as it fak Frysk;
2. it ûnûnderbrutsen jaan en folgjen fan it fak Fryske taal yn it regulier en spesjaal primêr en fuortset ûnderwiis (alle learjierren oant en mei de hiele ûnderbou fan it f.û.);
3. de lykwaardigens fan de keardoelen foar de Fryske taal (oan de doelen foar it Nederlânsk) yn it regulier en spesjaal primêr en fuortset ûnderwiis.

***18-04-2006 → Provinsje Fryslân: (1) De Fryske Akademy as sintrum foar minderheidstalen en (2) de gefaren dy't Mercator rint**

Twa mienskiplike brieven fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* oan de leden fan Deputearre en Provinsjale Steaten oer (1) de stagnearjende ûntwikkeling fan de *Fryske Akademy* as kennissintrum foar minderheidstalen en (2) it gefaar dat *Mercator Education* (Ljouwert) rint om te ferdwinen.

***03-06-2006 → Provinsje Fryslân: Hoe fierder mei de Fryske kanon?**

Mienskiplik brief fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (seksje Frysk), de *FFU*, de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy* oer de ûntwikkeling fan in *kanon foar de Fryske taal en kultuer*. Wy steane der by Provinsjale en Deputearre Steaten fan Fryslân op oan om in Fryske kanonkommisje yn te stellen.

It mienskiplik brief is en ferfolch op in rige fan eardere aktiviteiten fan *FFU*-kant om ta in provinsjale Fryske kanon te kommen. Wat de winsken foar in Fryske kanon oanbelanget binne hast alle wichtige brieven en stikken oan te klikken op ús webstek by 'brieven 2005 en 2006'.

***23-09-2006 → Stifting Slach by Warns: Betinking Slach mei as tema: Taalwet of net?**

Ynlieding fan Sytze T. Hiemstra op de moarnsgearkomste fan de *Stifting Slach by Warns* op 23 septimber 2006 (de dei fan de betinking op it *Reaklif*). Mei út namme fan de *FFU* jout er yn in ynlieding in stikmannich knyppunten yn it taalbelied oan, dy't foar 't neist mei in bettere taalwetjouwing foar it Frysk op te lossen binne.

Yn syn ynlieding wiist Hiemstra op it manifest fan de *Ried fan de Fryske Beweging* út 1991: *Eigen taal... earste taal!* Dat wichtige manifest is op ús webstek (ek) by dizze ynlieding oan te klikken.

***25-09-2006 → Sertifisearring fan 7 trijetalige basisskoallen**

Us lokwinsken foar sân basisskoallen ('De Brêge', It Heidenskip; 'De Tsjerke', Holwert; de 'Ids Wiersmaskoalle', Brantgum; de 'Master Frankeskoalle', Earnewâld; de 'Otto Clantskoalle', Boksum; de 'Van Haersma Bumaskoalle', De Hommerts; 'KBS 'It Harspit, Ternaard), dy't sertifisearre binne as trijetalige basisskoalle.

***26-09-2006 → Europees Platfoarm: Twa- en trijetalich Frysk basisûnderwiis (1)**

Brief fan de *FFU* oan de redaksje fan it *Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs* oer it folslein ûntbrekken of negearjen fan de Fryske twa- en trijetalichheid yn it basisûnderwiis yn in resinte publikaasje oer frjemde-taalûnderwiis en twatalich ûnderwiis fan datselde *Europees Platform*. It 'platform' docht krekt as giet it yn Fryslân om Nederlânsktalige skoallen mei allinnich Ingelsk yn de boppebou. Wy steure ús dêr tige oan en freegje om opheldering.

As yn desimber noch gjin reaksje ûntfongen is, giet der in twadde brief nei it *Platform* mei as twaheakke dit brief (fan 26-09-2006). It hat bliken dien, dat it nedich wie. Der kaam gjin reaksje (sjoch ús twadde brief fan 07-12-2006).

***02-10-2006 → Provinsje Fryslân: reaksje op de ûntwerpûnderwiisnoata 'Boppeslach'**

Mienskiplik brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* oan Deputearre en Provinsjale Steaten mei in wiidweidige reaksje op de provinsjale ûntwerpûnderwiisnoata 'Boppeslach'. Wy steane û.o. oan op in *strukturele, effektive* en mear *sintrale* oanpak fan de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer yn it *hiele* ûnderwiis, mear *foech* foarde provinsje fandatoangeande en in better *taalwetjouwing*.

***18-10-2006 → Steatekommisje Boarger & Mienskip: Ynspraakbydrage FFU oer 'Boppeslach'**

Tom Dykstra, foarsitter fan de *FFU*, hat, mei út namme fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, ynsprutsen by de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (18-10-2006) en yn dat fermidden ús wurdearring foar en krytyk op it konsept fan de ûnderwiisnoata 'Boppeslach' nei foaren brocht.

De noata sels is op ús stek op dit plak ek oan te klikken.

***22-10-2006 → Deputearre Steaten fan Fryslân: Reaksje op de Untwerpnota Frysk Taalbelied 2007-2010, better sichtber, mear fertroud**

Mienskiplike reaksje fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en de *FFU* op it ûntwerp fan de *Nota Frysk Taalbelied 2007-2010, better sichtber, mear fertroud*.

Yn njoggen kanttekenings en krytykpunten jouwe beide organisaasjes oan wat goed is yn de noata en wêr't dy yn tekoartsjit. Yn in bylage wurdt derop oanstien om op koarte termyn prikken yn it wurk te setten om yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis te kommen ta in goede wetlike regeling fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.

***24-10-2006 → IBS 't Holdernêst: Lokwinsk foar it beslút om trijetalich te wurden**

Lokwinsk fan de FFU foar de iepenbiere basisskoalle 't Holdernêst yn De Harkema. Dy skoalle hat it beslút nommen om trijetalich te wurden. De FFU achtet it needsaaklik dat alle skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis en de measte skoallen foar spesjaal (fuortet) ûnderwiis yn Fryslân trijetalich wurde.

***02-11-2006 → Konsultatyf Orgaan: Harksitting oangeande it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen**

Us foarsitter, Tom Dykstra, hat mei út namme fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, ynsprutsen op de harksitting fan it *Konsultatyf Orgaan* (02-11-2006) oangeande it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden*. Nederlân hat út it hânfêst 48 ferdrachferplichtings ûndertekene en ratifisearre, ek in stikmannich hiel wichtige op it mêd fan it ûnderwiis (kêst 8).

Ienris yn de twa jier bringt it *Konsultatyf Orgaan* (ynsteld yn 1998) oan de ryksoerheid (de Minister fan Ynlânske saken en Keninkryksrelaasjes) in *Memorandum* út mei dêryn de winsken en it ferlet fan de befolking fan Fryslân. De FFU hat op it mêd fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer útstellen foar 26 belieds- en oare maatregels oerlange, ornearre foar it *Memorandum*.

***07-11-2006 → Provinsjaal debat 'Fryske Fiersichten 2030': De Fryske taal en kultuer en it ûnderwiis**

Ynspraakbydrage fan de FFU oan it provinsjaal debat *Fryske Fiersichten 2030* oer de takomst fan Fryslân (Drachten, 07-11-2006). Ed Knotter, skathâlder fan de FFU, hat û.o. nei foaren brocht dat der in bettere taalwetjouwing foar de Fryske taal komme moat (it Frysk yn de *grûnwet* en in *oerkoepeljende ramttalwet* foar de Fryske taal en kultuer) en dat de Provinsje Fryslân *meiwetjouwer* wurde moat. Der soe in eigen 'ministearje' foar de Fryske Taal en Kultuer komme moatte en der soe in taaleffektrapportaaazje hantearre wurde moatte. De sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte moat gâns better (plaknammen, strjitnammen, buorden, opskriften ensfh.).

07-12-2006 → Europees Platfoarm: Twa- en trijetalich Frysk basisûnderwiis (2)

Omdat wy op ús earste brief (fan 26 sept. 2006, sjoch boppe) gjin antwurd krige hawwe, hawwe wy dat brief as bylage fannijs tastjoerd oan de redaksje fan it *Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs* mei it fersyk om in reaksje te jaan. De FFU freget jitrisk om in reaksje wêrom't bedoelde skoallen as twatalich en net as *trijetalich* oantsjuttingen wurde. It Frysk is as twadde rykstaal lykas it Hollânsk in Nederlânske taal.

Us probleem wie it folslein ûntbrekken of negearjen fan de Fryske twa- en trijetalichheid yn it basisûnderwiis yn in *resinte publikaasje* fan datselde *Europees Platform* oer frijemde-taalûnderwiis en twatalich ûnderwiis.

***11-12-2006 → Hoe fierder mei de Fryske kanon? (ferfolch)**

Brief fan de FFU, mei ûnderskreaun troch de *Ried fan de Fryske Beweging*, de *seksje Frysk* fan VLLT en it *Pedagogysk Wurkferbân* (FA), as ferfolch op it brief fan 3 juny 2006 oer itselde ûnderwerp. Fannijs trúnje wy Provinsjale en Deputearre Steaten oan om in provinsjale kanonkommisje yn it libben te roppen dy't (1) útstellen docht foar ferbettering fan de lanlike kanon, (2) in provinsjale kanon ûntwikkelet dy't ynfierd wurde moatte soe op de Fryske skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis en (3) ek in rol spylje moatte soe by Fryske kulturele ynstellings dy't te krijen hawwe mei de oerdracht fan de Fryske taal, kultuer en skiednis.

***18-12-2006 → It ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op basisskoalle it 't Foarhûs te Drachten**

Brief fan de FFU as reaksje op útspraken fan direkteur Dorsman (kbs 't Foarhûs te Drachten) yn it *Friesch Dagblad* (fan 10 okt. 2006) oer it ûnderwiis yn it Frysk op dy skoalle. Dat sjit neffens ús slim tekoart en wy trúnje bestjoer en direksje oan om op koarte termyn stappen ta ferbettering te setten.

Ynkommen:

***07-02-2006 ← Ryk (fêste Keamerkommisje OCW): Ferplichting fan it Frysk as eksamenfak yn it hafû en it twû**

Reaksje fan de fêste Keamerkommisje fan OCW (07-02-2006) op it mienskiplik brief fan de FFU en de *Ried fan de Fryske Beweging* (05-01-2006) oer it ôfskaffen fan de dielfakken yn de Twadde Faze fan it hafû en twû ('Wetsontwerp 30 187 Wijziging WVO: aanpassing profielen 2e fase vwo en havo'). Yn dat brief bepleiten wy in strukturele ryksbekostiging fan it *telelearen* en in *ferplichting* om yn it fak *Fryske taal en kultuer* eksamen te dwaan.

De griffier fan de fêste komisje skriuwt ús dat ús brief op 10 jannewaris 2006 ferspraat is ûnder de leden fan de komisje en behelle wurde sil by de plenêre behanneling fan boppeneamd wetsûntwerp.

Mei yngong fan it skoaljier 2006-2007 is by *CVO Súdwest-Fryslân* mei it learen fan Frysk mei help fan it telelearen út ein set. Foarearst mei learlingen út 3 tmbû yn Snits, Balk en Koudum. De learaar jout les op Bogerman. De learlingen yn Balk en Koudum folgje de lessen op it televyzjeskerm. It systeem wurket ynteraktyf. It skoaljier wurdt ek brûkt om de technyske en didaktyse bernesykten derút te heljen. It liket derop dat dy wize fan Frysk learen him goed ûntwikkelje sil. Fan de kant fan oare lytse fakken is der ek belangstelling om mei help fan dy metodyk eksamen dwaan te kinnen.

It *telelearen* wurdt no betelle troch de Provinsje, de skoalle sels en troch in pear oare fûnsen. It Ryk wol foar it Frysk en it telelearen net apart subsydzje jaan. Yn it bestjoerlik oerlis hat de minister fan OCW dat hiel direkt ôfwiisd. It safolste bewiis dat it Frysk yn De Haach noch altiten net yn goede hannen is. Dat jildt ek foar de wetlike ferplichting om *eksamen* te dwaan yn de Fryske taal en kultuer. Oan beide winsken is oan de ein fan it ferslachjier dus net foldien.

***07-02-2006 ← Ryk (fêste Keamerkommisje OCW): Parlemintêre behanneling keardoelen Frysk 2006**

Reaksje fan de fêste Keamerkommisje fan OCW (07-02-2006) op it brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* (02-01-2006). Yn dat brief kritisearje beide organisaasjes it loslitten fan de *spegeling* (lykweardigens) fan de doelen foar it Frysk oan de doelen foar it Hollânsk sterk.

De griffier fan de fêste komisje skriuwt ús dat ús brief op 4 jannewaris 2006 ferspraat is ûnder de leden fan de komisje, mar jout net oan dat de komisje der ek wurk fan meitsje sil. Yn de rin fan it ferslachjier hat bliken dien dat dy doelen net lykweardich wurden binne. Wer in bewiis dat it Frysk yn De Haach net yn goede hannen is.

***17-02-2006 ← CHN: De oplieding basisûnderwiis en it Frysk**

Reaksje fan de CHN op it *FFU*-brief (05-02-2006) oer it taalbelied fan de CHN om (1) yn gearkomsten *taalkonflikten* en *taalûnderdrukking* foar te kommen; (2) it ferplichtsjen fan it Frysk foar studinten fan *bûten* Fryslân; (3) it winsklike *programma* foar de Fryske taal en kultuer.

De *CHN-Learareoplieding* anderet dat ús brief neinommen wurdt yn de diskusje oer it Frysk op de pabû en dat wy der mear fan hearre sille 'sadree't der wat leit'. Oan de ein fan it ferslachjier hawwe wy noch neat heard, dus wy moatte oannimme dat der noch neat 'leit'. Wy sille der yn 2007 nei fernimme.

***17-02-2006 ← Herman Beliën: 'Er komt geen provinciale canon namens de (landelijke) canoncommissie'**

Reaksje fan Herman Beliën (lid fan de komisje 'Ontwikkeling Nederlandse Canon') op de resolúsje fan de *FFU*, de *Ried fan de Fryske Beweging*, it *Pedagogysk Wurkferbân* (FA) en de *seksje Frysk* fan de *VLLT* (01-02-2006).

Beliën meelt ús (17-02-2006): "Ik heb de motie aan de commissie te hand gesteld. Er komt geen provinciale canon namens de commissie, zoals ik al aangaf. De canon zal opening bieden om er regionale canons aan te verbinden." Wy hawwe ús dêrnei ta de Provinsje Fryslân rjochte mei it fersyk om sels in regionale (provinsjale) Fryske kanonkommisje yn te stellen.

***20-04-2006 ← Moasje FNP: tarieding Fryske Universiteit troch Deputearre Steaten oernommen**

Reaksje fan de FNP-Steatefraksje op ús brief (18-04-2006) oan Provinsjale en Deputearre Steaten oer de stagnearjende ûntwikkeling fan de Fryske Akademy as kennisintrum foar minderheidstalen.

De FNP-Steatefraksje meelt ús dat de fraksje op 19 april 2006 yn de Steaten in moasje yntsjinne hat by de behanneling fan punt 7B 'kaderbrief 2007'. Oan in stemming is it net takommen, omdat it Kolleezje de moasje oernommen hat. De moasje jout útfiering oan in partsje fan it Kolleezje-akkoart en it Stedskonvenant tusken Ljouwert en de Provinsje. De *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* binne dêr fansels wiis mei. No de útfiering sels noch.

***02-05-2006 ← Ryk (fêste Keamerkommisje OCW): Fraach oan de minister oer it Frysk as ferplichte fak en ynstruksjetaal**

Reaksje fan de *fêste komisje foar OCW* op in mienskiplik brief fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* (05-04-2006). Yn dat brief pleitsje wy foar in *ferplichting fan it Frysk as fak en ynstruksjetaal* en *lykweardigens* fan keardoelen foar de Fryske taal yn it hiele reguliere en spesjale primêre en fuortsette ûnderwiis.

De griffier fan de fêste komisje skriuwt ús dat ús brief op 12 april 2006 ferspraat is ûnder de leden fan de komisje. De komisje sil de minister fan OCW freegje om in reaksje te jaan en seit fierder: "Indien het antwoord van de bewindspersoon aanleiding geeft, dan zal ik u daarvan te zijner tijd in kennis stellen." Wy hawwe neat wer heard fan de komisje en moatte dus oannimme dat de komisje tefreden wie mei it antwurd fan de minister en der gjin fierdere

stappen nommen wurde. Alwer in slim ûnbefredigjende gong fan saken. It Frysk yn it ûnderwiis is yn De Haach noch altiten net yn goede hannen.

***29-08-2006 ← Ried fan de Fryske Beweging: it Frysk en it regearingsbelied**

Foar kundskip tastjoerd brief fan de *Ried fan de Fryske Beweging* ornearre foar petearen mei it politike partijen oer it foar it Frysk tekoartsjittende belied fan it Ryk. Om ûnderskate knyp punten op te lossen, wurdt in taalwet needsaaklik achte. De Ried freget de stipe fan de politysy om dat te realisearjen. Boppedat wurdt de erkenning fan it Frysk yn de grûnwet bepleite. De FFU is út soarte ek fan betinken dat der gâns bettere taalwetjouwing komme moat.

30-09-2006 ← Inspektie van het onderwijs: Ynspeksjerapport 2006-21/22 ‘Frysk op skoalle. De kwaliteit fan it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân’ (Utrecht, juny 2006)

Troch ynspekteur Oudeboon by de FFU-foarsitter besoarge *algemien* ferslach fan de befinings út syn ûndersyk út 2004/2005 (ynspeksjerapport 2006-22) en in *technysk* rapport (ynspeksjerapport 2006-21). Sjoch foar de koarte ynhâld ek op ús webstek (*‘Poadium’, 29-09-2006, **Wichtichste konklúzjes út it rapport fan de Ynspeksje fan it Underwiis ‘Frysk op skoalle/Fries op school’ (juny 2006)**; **‘Aktueel’: 21-09-2006, **Fries taalonderwiis weinig verbeterd; 29-09-2006, Ouders vinden Fries belangrijker dan gedacht; 29-09-2006, Wichtichste konklúzjes út it rapport fan de Ynspeksje fan it Underwiis ‘Frysk op skoalle/Fries op school’ (juny 2006)**.

Foehhawwende gesaggen, basiskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis hawwe amper belied fêstlein op it mêd fan it Frysk. De taaleftergrûn fan de learlingen wurdt net of amper neigongen. In *trede* fan de learkrêften basisûnderwiis hat gjin foech foar it fak Frysk en 40% fan de learaars fuortset ûnderwiis hat dat ek net. Op de basiskoalle ûntbrekt faak in *trochgeande line yn it oanbod* en der is tusken basisskoalle en fuortset ûnderwiis net folle kontakt oer it Frysk. As basisskoallen yn it ûnderwiiskundich rapport al ynformaasje opnimme oer it Frysk wurdt dy komselden brûkt troch de skoalle foar fuortset ûnderwiis. Learaars dy’t Frysk jouwe, geane faak net adekwaat om mei *ferskillen* tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen.

***19-10-2006 ← Provinsje Fryslân: ferslach fan it bestjoerlik oerlis tusken de provinsje Fryslân en it ministearje fan OCW op 19-10-2006**

Utkomsten fan it bestjoerlik oerlis op 19 oktober 2006 tusken minister Van der Hoeven (OCW) en deputearre Mulder (Underwiis en Kultuer) fan de provinsje Fryslân. De stapkes foarút, sa docht bliken, binne hieltiten lyts, te lyts om tefreden te wêze. De ferskillen mei De Haach bliuwe grut. It folsleine ferslach is (op dit plak) oan te klikken op ús stek.

1. De minister (frou Van der Hoeven) jout oan dat Fryslân optimaal gebrûk meitsje moat fan de *mooglikheden dy’t der no lizze*. Dêrút kinne wy konkludearje dat se de wetlike mooglikheden (ferplichting fak en fiertaal yn de WEC; ferplichting fier-/ynstruksjetaal yn de WPO en WVO; ferplichting Frysk as eksamenfak WVO) net ferromje wol. Wol sil de ynspeksje yn desimber 2006 begjinne mei it formulearjen fan in *wurdearringsramt* foar it Frysk yn PU (basisûnderwiis) en FU (basisfoarming). De minister is (wer) net ree en ferheegje de doelútkearing Frysk. De minister wol de ûnderwiisynspeksje net wer yn Ljouwert hawwe en seit dat deputearre Mulder him net bemuoie moat mei har bedriuwsfiering.

It *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* dat Nederlân al wer tsien jier lyn *ratifisearre* hat (d.w.s. it is ‘troch it parlemint by wet oannommen’) hat oant no ta **nèt** laat ta feroarings yn de wetjouwing yn Nederlân. It *Hânfêst* jout allinnich in wetlike basis yn in *ynternasjonale* kontekst. Oant no ta wol de ryksoerheid de *ferantwurdlikens* dy’t út it *Hânfêst* fuortkomt, net erkenne. It ûntbrekt ús oan steatsnasjonale wetlike maatregels dy’t de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis ferbetterje moatte. Dêrom hat deputearre Mulder as lid fan de kommisje *Kultuer & Underwiis* fan de Ried fan Europa oan de *Ried fan Europa* frege om yn 2007 yn in resolúsje útspraken te dwaan oer de minimum-standerts foar de konkrete ynfolling fan kêst 8, oangeande it ‘substansjeel part’ (basisûnderwiis) en ‘yntegraal part’ (fuortset ûnderwiis) fan it ûnderwiis. Dy Europeeske minimum-standerts soene konkreet makke wurde moatte yn tiid (lesoeren Frysk), kearndoelen, kwaliteit fan de learkrêften, learmiddels en toetsen. *Mercator Education* hâldt him fandatoangeande mei in ynternasjonale ferliking dwaande. Der sil ek sjoen wurde moatte nei de taakstelling en de taakomfang fan de ynspeksje (ferl. ek A. Riemersma oer ‘Tien jier Europeesk Hânfest’, yn: *Swingel*, nû. 15, 2006, s. 3-5).

De FFU is fan betinken dat it ferdwinen fan de ynspeksje út Ljouwert wei, skealik west hat en dat mooglik ek bliuwe sil. De Provinsje Fryslân soe it foech krije moatte om (ûnderwiis)kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst* om te setten yn wetjouwing en sil dus ‘meiwetjouwer’ wurde moatte. Bygelyks wat de ferplichting fan it ‘aanmerkelyke deel/substansjeel part’ út it Hânfêst oangiet, dat De Haach mar **nèt** omsette wol yn in wetlike ferplichting yn de WPO, de WVO en de WEC. De

Provinsje moat neffens ús ek *kontrôle* (mei *sanksjemooglikheden*) útoefenje kinne op it ûnderwiis yn de eigen taal en kultuer (sjoch ek Rindert Straatsma, 'Gjin ferplichting sûnder sanksjes', yn: *Swingel*, nû. 14, 2006, s. 6-7). Dat freget foar 't neist om in eigen provinsjale ynspeksje (en dus om in 'status aparte' fan/foar Fryslân). Fansels hearre dêr ek foldwaande jildmiddels by.

2. It docht bliken dat de pabû's yn Fryslân sels fêststelle kinne wat de kompetinsjes op it stik fan it Frysk wêze moatte (wet BIO). Yn de wet BIO wurde gjin *fakspesifike kompetinsjes* formulearre. Op de plicht foar learaars om dy kompetinsjes aktueel te hâlden, stiet gjin spesifike sanksje. Wol hawwe de beide pabû's yn 'e mande foar it Frysk fakspesifike kompetinsjes ûntwikkele. Foarsitter Dykstra hat doe't er noch dosint wie oan de *Chistelijke Hogeschool Nederland* (CHN) mei NHL-dosinte Frysk, frou L. Flapper, soarge foar in dûbeltalige Hollânsk-Fryske publikaasje yn: 'Vakspesifike competenties voor studenten aan de lerarenopleiding primair onderwijs' (SLO Enschede, sept. 2005).

It is noch ûndúdlik wat dêr mei dien is of dien wurde sil. Der binne dus noch gjin garânsjes dat it saneamde 'foech Frysk', dêr't de status ek nochris tige ûndúdlik fan is, ek werklik wat foarstelle sil. En ek gjin mooglikheden om sittende learaars te twingen om har kennis fan en feardigens yn it Frysk by te spikerjen oant in akseptabel nivo. Of te kommen ta it Frysk as funksje- en beneamingseask yn Fryslân. En dat is wat de FFU wol. De fraach komt alwer op oft it foech om soks goed te regeljen net nei de Provinsje moat (status aparte).

3. De minister hie in prosedure op gong brocht om in wetswizing te realisearjen wêryn't it *ûntheffingsfoech* foar Frysk yn it FU (basisfoarming) ûnderbrocht wurdt by it Kolleezje fan DS fan Fryslân. Dy prosedure is ta in ein brocht en de wizing is ûnderwilens opnommen yn it *Staatsblad* (2006 nû. 281). In stapke foarút op de lange wei nei mear provinsjaal foech.

4. It Frysk as fak en/of fiertaal yn de Basisberops- en Kaderberopsrjochtings fan it *tmbû* ('vmbo') koe oant no ta net eksaminearre wurde. De ôfspraak is makke dat saakkundigen út de Provinsje Fryslân meiwurkje sille oan it opstellen fan globale eksamenprogramma's foar *alle* learwegen yn it *tmbû*. Yn it ramt fan wet- en regeljouwing binne twa prosessen op gong brocht:

(1) De mooglikheid foar learlingen om binnen it *tmbû* in *ekstra* eksamenfak te *kiezen*. Dat útstel wurdt as de ministerried akkoart is, oanbean oan de Rie fan Steat.

(2) De minister hat in advys fan de 'Advysgroep VMBO' nei de Keamer stjoerd. Dêryn pleitet de advysgroep foar in beheining fan it kiezen fan karfakken ta 1 fak, dat foar trochstreaming nei it *mbû* winsklik is. De learling kriget dan de romte om binnen syn sektor in twadde fak te kiezen. Dat soe mooglikheden jaan kinne foar it fak Frysk.

It is neffens de *FFU* allegearre laap- en broddelwurk. Allegearre maatregels dy't foar it (ferplichte) Hollânsk net oan de oarder binne. Wat der nedich is, is de *lykberjochting* en *lykweardigens* fan it Frysk oan it Nederlânsk yn Fryslân. En dus moat it Frysk in *ferplichte* eksamenfak wurde foar alle learlingen fan de learlingen yn it fuortset ûnderwiis.

5. De earstegraadsoplieding Frysk is akkreditearre oant 31 desimber 2008 en der binne op it stuit gjin studinten ynskreaun. It liket hast ûnmooglik om in stúdzjerjochting dy't gjin studinten hat, foar in nije perioade fan 6 jier te akkreditearjen en dan soe de earstegraadsoplieding Frysk ferdwine. De Provinsje Fryslân achtet dat in tige ûngelokkige ûntjouwing, freget him ôf oft soks ek net yn striid is mei de bepaling fan it *Europeesk Hânfêst* en ferwiist ek nei doelstelling 2.8.1 fan de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer*. De minister advisearret om de NHL gearwurkje te litten mei de ULO (learare-oplieding) fan de RUG (Grins). Dan kin de lisinsje mooglik beholden wurde.

De FFU is fan betinken dat de behyplike situaasje dêr't de earstegraadsoplieding yn ferkeart, streekrjocht gearhinget mei it feit dat it Frysk gjin ferplichte eksamenfak is foar alle learlingen (sjoch punt 4). Foar it (dus) befoarrjochte Hollânsk (en ek it befoarrjochte Ingelsk) is dy ferplichting der wol. De FFU sil him dus sterk meitsje moatte foar dy ferplichting. Faaks moat it oplizzen dêrfan wol it eigen foech wurde fan de Provinsje Fryslân. Dat freget sadwaande om in bettere taalwetjouwing en mear foech foar de provinsje op it stik fan de eigen taal en kultuer. De FFU is fan betinken dat boppesteande Haachske 'oplossing' ek wer in sterk foarbyld is fan steatsnasjonaal laap- en broddelwurk. It Frysk wurdt net echt serius nommen.

***27-10-2006 ← Ried fan de Fryske Beweging: Diskusjêjûn oer it lanlik belied foar it Frysk**

Njoggen stellings fan de *Ried fan de Fryske Beweging* oer it lanlik belied oangeande it Frysk, ornearre foar in diskusje op 27 oktober 2006 yn *De Bres/Eftrije* te Ljouwert. Yn it foarum sieten fjouwer lanlike politisy út Fryslân dy't op de list stiene foar de Twadde Keamerferkiezings (Joop Atsma, CDA; Isabella Diks, GrienLinks; Lutz Jacobi, PvdA; Tom Kuperus, VVD en in mem fan Frysktalige bern (Sytske de Boer). Ien fan de stellings gong oer mear foech fan de

provinsje op it mêd fan de eigen taal en kultuer. No mar hoopje dat dejingen dy't (letter) keazen binne (Atsma en Jacobi), aanst ek wat berikke kinne.

***27-10-2006 ← Konsultatyf Orgaan: fjouwer fragen oer it lanlike taalbelied foar it Frysk**

Fjouwer fragen (mei ynlieding) fan it *Konsultatyf Orgaan* foar it debat oer it lanlik taalbelied foar it Frysk, organisearre troch de *Ried fan de Fryske Beweging* yn 'De Bres' te Ljouwert op 27-10-2006. De fragen wurde benammen steld oan fjouwer kandidaatleden foar de Twadde Keamer (sjoch hjirboppe) en har politike partijen. De fragen slagge op (1) de posysje fan it Frysk yn de *Grûnwet* fan Nederlân; (2) de *ynspeksje* fan it ûnderwiis; (3) de *Trijetalige Skoalle*; (4) de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer*. Allegearre saken dy't it ûnderwiis yn taal en kultuer reitsje en wêr't de *FFU* him foar ynspant [it hiele stik mei fragen en taljochtings is oan te klikken op ús stek].

E. Publisiteit

**Oan te klikken op ús webstek.* Artikels en/of aktiviteiten fan *FFU*-bestjoersleden steane op ús webstek, mar wiene ek te finen yn oare media:

Swingel

Nû. 13/2005:

- Stik fan it bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging* mei de kop 'Wat moat der op it mêd fan it 'Frysk dien wurde?' (s. 18-19). Oanhaal út dat artikel: 'Mei de *FFU* sil der nei stribbe wurde moatte dat it foech oer it ûnderwiis yn it Frysk of it foech oer it ûnderwiis yn Fryslân by de provinsje komt te lizzen' (s. 19).

Nû. 14/2006:

- *Taspraak fan Sytze T. Hiemstra by de kremaasjplechtichheid fan Rindert Straatsma op 1 febrewaris 2006, 'Yn oantinken oan Rindert Straatsma', s. 3-5 (*'Poadium', 01-02-'06);

- Artikel fan Rindert Straatsma, 'Gjin ferplichting sûnder sanksjes', s. 6-7 [Rindert syn lêste artikel];

- *Artikel fan Sytze T. Hiemstra oer 'De oerdracht fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis', s. 11-17 (*'Publikaasjes' en 'Brieven 2006, útgien');

Nû. 15/2006:

- Skôging fan Ed Knotter oer 'Bern op de kompjûter helpe mei taal', s. 6-7;

- Jan Breimer, mei help fan Sytze T. Hiemstra, oer 'De Fryske Beweging yn aksje', s. 11-14.

Nû. 16/2006:

- *Taspraak Sytze T. Hiemstra op 23 sept. 2006 yn it moarnsprogramma fan de 'Stifting Slach by Warns 1345' yn 'De Spylde' te Warns oer it tema 'Taalwet of net?', s. 11-14 (*'Poadium', 23-09-'06);

- Ferslach fan Jaap van der Bij (foarsitter RfdFB) oer de 'Foarumdiskusje mei Fryske Twadde-Keamerleden', op 27 okt. 2006 yn *De Bres* te Ljouwert, s. 15-17;

- Artikel fan Tom Dykstra oer 'It GOOFY-oerlis' [GOOFY = Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal], s. 17-19;

- Stik oer de nije konseptûnderwiisnoata mei as titel 'Boppeslach', s. 19-21;

- Stik oer it konsept fan de *Nota Frysk Taalbelied 2007-2010* mei as kop 'Better sichtber, mear fertroud', s. 21-22;

- Kollum fan Sytze T. Hiemstra ûnder de kop 'De *FFU*, 1987-2007, earder en hjoed', s. 22-24 (*'Novimber, 'Sjerp & Jittik (1)');

Leeuwarder Courant

- 17-01-2006, artikel fan Atze Jan de Vries mei as kop '(Friese) Identiteit als kerntaak', dêr't Pier Bergsma (foarsitter fan it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy) en Babs Gezelle Meerburg (foarsitter van de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen*) yn oanjouwe wat de Fryske jongerein neffens har leare moatte soe oer de eigen taal en kultuer (fyzje op in eigen Fryske kanon);

- 30-01-2006, nekrology Rindert Straatsma (1937-2006), 'Strider foar lykweardich plak Frysk' (*'Aktueel', 27/20-'06);

- 02-02-2006, krantestikje mei as kop 'Klein rolletje voor Friesland in geschiedenis canon' (*'Aktueel', 02-02-'06);

- 10-04-2006, krantestikje ûnder de kop 'Taalstrijders zoeken steun in Kamer' oer it berop fan de *FFU* op de Twadde Keamer om te kommen ta inisjatyf wetjouwing dat in 'aanmerkelijk deel' fan it ûnderrjocht Frysktalich makket (*'Aktueel', 10-04-'06);

- 19-04-2006, krantestikje mei de kop 'FFU wil behoud Mercatorproject' (*'Actueel', 19-04-'06);

- 19-04-2006, krantestikje mei de kop 'FFU wil snel ombouw Akademy' oer it ûntwikkeljen fan de Fryske Akademy ta in ynternasjonaal wittenskiplik ynstút foar minderheidstalen (*'Aktueel', 19-04-'06);

- 08-06-2006, krantestikje mei de kop 'Fryslân moet canon samenstellen', oer ús pleit om in eigen, provinsjale Fryske kanon gear te stallen foar it basis- en fuortset ûnderwiis (*'Aktueel', 08-06-'06);

- 16-09-2006, krantestikje mei de kop 'Nieuwe pleidooi Fryske Ried voor taalwet', brief fan de *Ried fan de Fryske Beweging* oan de lanlike politike partijen oer û.o. it Frysk yn it ûnderwiis (*'Aktueel', 16-09-'06);

- 26-10-2006, kollum fan Pieter de Groot ('Harje') mei de kop 'Valse Fries hoop' oer it útdragen fan de ideeën fan takomstige Fryske Keamerleden oer it Frysk yn De Haach (*'Poadium', 26-10-'06);
- 28-10-2006, kollum fan Pieter de Groot ('Harje') mei de kop 'Wie en wat in de Friese canon' oer it tekoart oan Frysk gehalte fan de krekt buorkundich makke lanlike canon. Tagelyk ek in oprop oan lêzers om de LC te melden wat der yn in eigen, Fryske canon moatte soe (*'Poadium', 28-10-'06).
- 09-12-2006, 'Te Gast'-artikel fan Pier Bergsma (foarsitter Pedagogysk Wurkferbân FA) ûnder de kop 'Nei in Fryske canon foar it ûnderwiis' (*'Poadium', 09-12-2006).
- 30-12-2006, side 9, 'Overledenen'; foto fan Rindert Straatsma; tekst: 'januari 27, Rindert Straatsma, Leeuwarden, 69 jaar, *strider foar it Frysk*'.

Friesch Dagblad

- 30-01-2006, nekrology fan *Rindert Straatsma*, 'Rindert Straatsma (69) overleden' (*'Aktueel', 27/20-'06);
- 03-02, 2006, krantestikje oer 'Fryslân moet zelf aan de slag met een geschiedenis canon' (*'Aktueel', 03-02-'06)
- 18-02-2006, kranteferslach oer in ynlieding fan Jaap van der Bij, foarsitter fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, ta gelegenheid fan it ôfskie fan Sytze T. Hiemstra fan *Skoalle Lyndensteyn*, dat as krantekoppen meikrige 'School is nog te Hollands', 'Te veel leerkrachten laten hun Friese identiteit buiten de schooldeur' (*'Poadium', 18-02-'06);
- 12-12-2006, krantestikje oer 'Dringende roep om Friese canon' (*'Aktueel', 12-12-'06)

Webstek FFU

Yn dit ferslachjier is it tal rubriken útwreide mei de nije rubryk *Sjerp & Jittik* (sjoch ek de ynlieding). Wy binne mei in eigen plakje op it net út ein set op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alle saken (brieven, artikels, krantestikjes ensfh.) op kwyt dy't wy fan belang achtsje foar de (oerdracht) fan de Fryske taal, kultuer en skiednis. It tal 'pageviews' wie 1692 yn it jier 2005 en ein 2006 (*oer twa* jier rekkene): 3134. It tal besikers is dus aardich stabyl. De measten komme út Nederlân (2978; 95%), dan út Amearika (FS) (51; 1,6%) en Dútslân (38; 1,2%). Der rest komt út op syn minst 7 oare lannen (mei persintaazjes ûnder de 1%). Yn 2007 sille wy besykje om mei in eigen domeinnamme op it net te kommen. In topdomeinnamme mei as ekstinsje *.frl is (noch) net mooglik (sjoch by '*Aktueel' Oktober 2006), dus wurdt it no *.eu.

F. Argyf

Op 21-12-2006 hat Thys van der Veen it dielargyf fan de FFU oerdroegen oan *Tresoar Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum* te Ljouwert. It argyf is in skinking oan *Tresoar*, d.w.s. sûnder fierdere beheining of klausulen. *Tresoar* draacht neffens de dêrfoar jildende regels soarch foar de stikken en nei ynventarisearing is it argyf beskikber foar it publyk.

G. Weromsjen en foarútsjoch

Hoewol't it bestjoer nei it hommels ferstjerren fan Rindert Straatsma in tige aktyf en saakkundich lid kwytrekke is, hat it net stilsitten yn it foarbye jier. Op ryks- provinsjaal- en ek skoalnivo binne aksjes ûndernommen om de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis te ferbetterjen. It is net slagge de lykweardigens fan de Fryske kearndoelen yn it primêr ûnderwiis oerein te hâlden.

Wol liket it derop - op grûn fan in mûnlinge tasizzing fan in provinsjale amtner - dat de provinsje Fryslân dochs in kommisje ynstelle sil foar it opstellen fan in Fryske canon. Hoewol't de lanlike kanonkommisje net tsjin in Frysk canon wie, wied er net fan doel dêr wurk fan te meitsjen en ien en oar yntegraal te besjen. De útbrochte lanlike canon is dan ek in rânestêdlike-Hollânsken-ien. It sil dúdlik wêze dat it bestjoer alle war dwaan sil om ta in goede Fryske canon te kommen.

It ynspeksjerapport 2006 jout gjin oanlieding om de flagge út te stekken. De taalmachtsferhâldings yn it Fryske basisûnderwiis binne gelyk bleaun en it Frysk sit noch altyd op it 'Jan poepsplak' om in diskusjenoata út 1981 oan te heljen. Der bliuwt noch genôch wurk. Wy moatte konstatare dat it ryk noch altyd dwerse knepfels smyt as it giet om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen. By de provinsje is sa no en dan in lichte ferbettering te konstatare, benammen yn dit ferslachjier. In Drachtster skoaldirekteur hie der yn 'e krante (FD) syn fernuvering oer útsprutsen dat de *provinsje* it Frysk yn it ûnderwiis stimulearre (sjoch ek ús útgeande brief fan 18 des. 2006). Yn it tinken fan dizze o sa 'demokratyske' en 'fan ûnderen-op- tinkende' Hollânske pedagooch hiene de *âlden* dat dwaan moatten. Hy hie folslein net yn 'e rekken dat it neffens in demokratyske proseduere yn dit lân ta stân kommen wie: de keazen Twadde-Keamerleden stelle de ûnderwiiswetten fêst en net de tafallige âlden fan in skoalle.

In oare saak is dat de ieuwenlange taalûnderdrukking troch de Hollânsktalige mearderheid it frije tinken fan de measte Friezen behoarlik oantaast hat. Mei it praat oer efterstannen (yn it Hollânsk) kinne de Frysktalige âlden 'moai' benaud makke wurde. As der al in bewuste âlder op in âlderjûn mear omtinken foar it Frysk op grûn fan de wet freget, dan seamje oare Frysk- en Hollânsktalige âlden sa'n persoan wol ôf. De direkteur kin dan wer 'moai' sizze dat de âlden eins gjin Frysk op skoalle hawwe wolle.

In organisaasje as de *FFU*, in organisaasje ek fan âlden, sribbet nei in goed rjochtlik plak fan de Fryske taal en kultuer yn it hiele ûnderwiis yn Fryslân en hat om reden fan demokrasy noch in wichtige taak. Noch altiten wurdt it Frysk yn De Haach behannele as 'in stjonkende murd' (útspraak fan Geart Benedictus yn de Steaten, 13 des. 2006, by de behandeling in inisjatyfútstel foar in brief oan de ynformateur en Keamerfraksjes oer mear foech en jild foar Fryslân op it mêd fan de Fryske taal en kultuer en it neikommen fan de oangiene ferplichtings; sjoch ek by 'Aktueel', 14-12-2006).

Meie wy by ús sribjen op jimme stipe rekkenje?!

It bestjoer

